

## OERSJOCH KOMPETYSJEKEATSEN EN KEATSTRAINEN

Kabouters (berne yn 2015 en letter)	Dei	Tiid	Perioade
Kompetysjekeatsen	Tiisdei	18:30	7 maaie - 27 augustus
Keatstrainen fjild	Woansdei	17:00 - 18:00	8 maaie - 17 july
Plak	<b>Easterein</b>		

Welpen (berne yn 2013 en 2014)	Dei	Tiid	Perioade
Kompetysjekeatsen	Tiisdei	18:30	7 maaie - 27 augustus
Keatstrainen fjild	Woansdei	18:00 - 19:00	8 maaie - 17 july
Plak	<b>Easterein</b>		

Pupillen (berne yn 2011 en 2012)	Dei	Tiid	Perioade
Kompetysjekeatsen	Tiisdei	19:00 Fan 23 july ôf: 18.30	7 maaie - 16 july <b>yn Wommels</b> 23 july - 27 augustus <b>yn Easterein</b>
Keatstrainen fjild	Tiisdei	17:45 - 18:45	7 maaie - 16 july
Plak	<b>Wommels</b>		

Skooljeugd (berne yn 2009 en 2010)	Dei	Tiid	Perioade
Kompetysjekeatsen	Tiisdei	19:00 Fan 23 july ôf: 18.30	7 maaie - 16 july <b>yn Wommels</b> 23 july - 27 augustus <b>yn Easterein</b>
Keatstrainen fjild	Tiisdei	17:45 - 18:45	7 maaie - 16 july
Plak	<b>Wommels</b>		

Jonges   Famkes (berne yn 2006, 2007 en 2008)	Dei	Tiid	Perioade
Kompetysjekeatsen	Tongersdei	19:30	9 maaie - 29 augustus
Keatstrainen fjild	Yn oerlis keatsers	Yn oerlis keatsers	Begjin maaie - start simmerfakânsje
Plak	<b>Easterein</b>		

### Jonges/famkes

De jonges en famkes sille partoertraining krije y.f.m it oantal keatsers yn dy kategory. Jou jim op fia: <https://kfeasterein.nl/jongerein/trainingen> en dan wurdt yn oerlis mei jim in dei en tiid ôfpraten.



## PRIVACY

**Wy bringe jim graach op 'e hichte fan it folgjende:** op en om it keatsfjild kinne foto's makke wurde. Nei wedstriden of oare aktiviteiten kin it wêze dat der nammen yn in wedstriidferslach op de webside komme. Mochten jim (bern) dit net wolle, dan kinne jim dit trochjaan. Sa net, dan gean we der fanút dat jim hjir akkoart mei gean.

APRIL 2024

# Fan de Jongereinkommisje

## HOI KEATSTOPPERS FAN KF EASTEREIN!

**We gean wer los en wol mei keatsseizoen 2024! Binne jim der al klear foar om wer mei de keatsbal oan de slach te gean? Wy ha der wol wer in soad sin oan! Dat is ûnder oare te sjen oan dizze moaie flyer. Alle aktiviteiten en oare ynformaasje stean wer handich op in rychje, dus bewarje dizze goed.**

Foardat jim it witte, is it seizoen alwer fol oan de gong. Trainen yn de seal of op it fjild, kompetysje en oare wedstriden keatse... As it no yn it doarp is of yn 'e omkriten, wy hoopje dat elk op syn eigen wize der in soad wille oan belibjen giet. Mochten jim al tsjin saken oanrinne dy't net dúdlik binne of om in oare reden, fiel jim frij om ien fan de JK oan de mouwe te lûken. We tinke graach mei.

Oer meitinken sprutsen. Mei KF Wommels ha we ein foarich jier in krityske evaluaasje hân op ús gearwurking foar de jongerein. Dochs wienen we it iens dat it sonde wêze soe om ús gearwurking op te sizzen. We ha dan ek fan beide kanten besluten om kommand jier wer mei elkoar fierder te gean. We sjogge it as in oanfolling op elkoar: leare fan elkoar, ek ris mei en tsjin oare maten keatse, oansluting fine by oare bern... Dêr ha we elk by nedich om dit op in positive wize op te pakken.

It keatskamp is dit seizoen wer oan it begjin en sil plakfine op 2 en 3 maaie yn de Skoalleseize. Twa dagen dy'tst eins net misse kinst, sa leuk. It is ek dit jier wer foar sawol KF Easterein as KF Wommels. It tema is Wylde Westen, dus dat sil wol wer in hiele gesellige en wylde bedoeling wurde. Dat kin net oars!

De keats-groepswhatsapp sille we dit jier ek wer brûke. Op dizze groepsapp kinne jim jim opjaan foar de kompetysje en ledewedstriden. Dêrneist kin de jongereinkommisje dêr meidielings opsette wat de kompetysje en ledewedstriden oanbelanget. Noch net taheakke yn dizze groepsapp? Lit it dan efkes witte oan Peter of Trynke.

### Dan it alderbelangrykste....

Wy wolle jim as jongereinkommisje allegear in hiel moai en sportyf keatsseizoen tawinskje en wy hoopje jim dan ek in soad op 'e keatsfjilden yn Easterein en omkriten te sjen. **Súkses!**

**KEATSKAMP**

is dit jier op **2 & 3 maaie!!**



Oprjochte yn 1904  
**KF Easterein**

DE JONGES  
EN FAMKES KATEGORY  
KINNE OP TONGERSDEI  
KOMPETYSJEKEATSE BY  
DE SENIOAREN

## JONGEREINKOMMISSIELEDEN 2024

Imke van der Leest	Foarsitter	06-49942283
Fakatuere	Partoeren	
Klaas Sixma	Fjilden/materialen	0515-332963
Trynke Draijer	Kompetysje	06-17866174
Peter Stuver	Wedstriden	06-17446764
Wiepkje Sijbesma-Hiemstra	Wedstriden	06-33700768
Martina Kooistra	Skriuwer/Trainingen	06-25497897



## PRIISWINNERS KOMPETYSJE 2023

### Kabouters

- 1e priis: Harmen Joustra
- 2e priis: Sven Sijbesma
- 3e priis: Folkert Joustra

### Welpen

- 1e priis: Jelke Sijbesma
- 2e priis: Elin Stoffelsma
- 3e priis: Iris Bosgra

### Pupillen

- 1e priis: Marrit van der Weij
- 2e priis: Fenne Sijbesma
- 3e priis: Berber Sijbesma

### Skoljeugd

- 1e priis: Brecht Stegenga
- 2e priis: Pieter Age van der Weide
- 3e priis: Sander Velzen

## PRIPPERKES OM TE WITTEN...

- It kompetysjekeatsen begjint dit jier op **tiisdei 7 maaie** en de lêste kompetysjeyûn is **tiisdei 27 augustus**.  
**Wolsto mei dwaan?** Stjoer foar **moandis 18:00 oere** in berjochtsje op de **keats-groepsapp**. Mochten jim tafallich in kear te let wêze mei opjaan, jim kinne Trynke altyd efkes freegje ofst noch meidwaan kinst. Soms kin it noch wol, mar as de partoeren al yndield binne slagget it spitigernôch net.
- De kompetysje foar de kabouters en welpen begjint om 18:30 oere.**
- De kompetysje foar de pupillen en skoljeugd is dit jier yn Wommels en begjint om 19:00 oere.** Graach 5 minuten fan tefoaren der wêze. Wolst meidwaan? Stjoer foar moandis 18.00 oere in berjochtsje yn de keats-groepsapp.
- Start tiisdei 7 maaie. De lêste kompetysjeyûn yn Wommels is tiisdei 16 july.
- Fan 23 july ôf binne de pupillen en skoljeugd wolkom yn Easterein. **Alle kategoryen om 18:30 oere**, omdat der dan gjin training mear is.
- De keats-groepsapp kin brûkt wurde foar opjefte foar kompetysje en wedstriden, **net foar ôfmeldingen!** Ofmeldingen foar wedstriden graach trochjaan oan Peter/Wiepkje. Ofmeldingen foar de kompetysje graach oan Trynke.
- Ek dit jier ha we der foar keazen om sels de yndieling te meitsjen foar help by de kompetysje, sawol yn Easterein as yn Wommels, en wedstriden. Mocht it net pasje dan graach ûnderling ruilje en dit witte litte oan Trynke (kompetysje) of Peter/Wiepkje (wedstriden).
- De **jonges en famkes kategory** is wolkom op tongersdeitejûn by de senioaren.
- As jim fuort gean te keatsen foar de federaasje of KNKB, dan kinne jim altyd in shirt fan KF Easterein ophelje by: Akke Jikke van Berkum, Dobbelân 4. Dizze is net bedoeld foar de eigen ledepartijen.



## WEBSITE

Der stiet in soad ynformaasje op ús website [www.kfeasterein.nl](http://www.kfeasterein.nl). Dêrneist is der in keats-útslaggen-groepsapp fan de keatsferiening, wêryn't alle keatsútslaggen komme fan jong en âld. Oan de hân fan dizze ynfo en foto's kin elk sjen wat der wûn is, mar se wurde ek brûkt foar ferslaggen. **Wolst ek yn dizze app? Lit it dan Wiepkje witte.**

## OPSLACHÔFSTANNEN 2024

Kategory	KNKB		Federaasje	
	Famkes	Jonges	Famkes	Jonges
<b>Ofstân</b>	<b>yn meters</b>	<b>yn meters</b>	<b>yn meters</b>	<b>yn meters</b>
Welpen	12	14	10	11
Pupillen	15	18	13	15
Skoljeugd	18	22	16	19
Famkes	21		18	
Jonges		26		22

## KEATSWEETJES | REGELS...

- By de kabouters en de welpen jildt yn 'e wedstriid: **earste fout telt**.
- Nei de kompetysje freegje we de bern sels harren perk op te romjen. De krammen/proppen yn in amer, sadat we net ien kwytretsjje.
- Mei kompetysjekeatsen hat elkenien in funksje: opslagger, foarynse of efterynse.
- Mei de trainingen ferplicht ôfmeelde by de trainer.
- Op tiid oanwêzich wêze mei de trainingen, kompetysje en wedstriden.
- Goeie ynset, sportiviteit en wês aardich foar inoar!
- Spylje it spultsje mei dyn maat/maten sa dat jim in goed en foaral gesellich partoer wurde.
- Elkenien hat goeie sportklean en goeie skuon oan.
- Lit gjin rommel efter yn de klaiboksen en op it fjild. Dêr ha se prullebakken foar útfûn.
- Meidwaan is op eigen risiko, de âlders bliuwe tidens it keatsen ferantwurdlik foar harren eigen bern.
- Foar de kabouters en welpen ha we noch altyd deselde regel foar as de slach ôfrûn is: rôlje de bal nei inoar ta.** Dit foar in flotter ferrin fan de wedstriid. Sawol mei de kompetysje as wedstriden.



## OPJEFTE KEATSPARTIJEN

Wedstriiddei	Opjaan foar
Freed	tiisdeitejûn 20.00 oere
Sneon en snein	woansdeitejûn 20.00 oere

**Opjefte ledepartijen:** fia de keats-groepsapp

### Opjefte KNKB of FEDERAASJE wedstriid

- Klik op wedstriidaginda op [www.knkb.nl](http://www.knkb.nl)
- Sykje dyn wedstriden op troch datum te selektearjen, of de soarte fan wedstriid.
- Folje dyn bûnsnûmer\* en bertedatum yn, klik op folgjende. As dyn opjefte tastien is sil dyn namme automatysk yn it skerm ferskine.
- Folje in e-mailadres yn foar befêstiging fan dyn opjefte.
- Befêstigje en do krigest in befêstiging op 'e mail.
- Let op:** je moatte fuort online mei iDeal betelje. Dan hast op de wedstriiddei gjin drokte mei beteljen fan de ynlis.
- Let op:** de slutingsdatum is op **de moandei 19:00 oere fóar de wedstriiddatum**. Nei it ferstjoeren stiet eltse keatser dy't harren opjout foar in wedstriid op in oanmeldlist dy't fuortendaliks sichtber is op 'e side.

\* WITSTO DYN BÛNSNÛMER NET?  
FREEGJE IEN ÚT DE JONGEREINKOMMISSJE

## BERN-ALDER PARTIJ TIISDEI 2 JULY 2024

**Dyn moaiste of gekste ferklaai-outfit oan en dan keatse mei dyn heit of mem, machtich dochs!??**

Dat kin op de bern-âlder-partij. Kin dyn heit of mem net? Gjinn panyk, meist ek in omke, beppe, âldere broer of buorfrou freegje! Elts is wolkom om mei te dwaan!

